

# Dorpscanon van Folsgeare

BREEUWSMA ZATHE

---



© Foto, argyf Wymbritseradiel

## Breeuwsma zathe


It is simmer 1696 en op de earste buorkerij oan de Kerckweg (Folsgeasterleane), yn in strieljend sintsje, wapperje twa grutte flaggen as teken dat it feest is. Fette Hayes Sinnema trout hjoed mei Jentie Oeges Breeuwsma fan Sibrandebuorren. Heit Hays Lous Sinnema hat in bêste ko ferkocht om der in grut feest fan meitsje te kinnen.

Nei de troutsjinst is it feest en Hays Lous sit tefreden om him hinne te sjen. Hy wit dat fan moarn ôf der in nije baas op de buorkerij is en dat it in Breeuwsma buorkerij wurde sil. Hy hat net in soan en de âldste dochters binne al troude, dat dit is de koartste klap.

# Dorpscanon van Folsgeare

BREEUWSMA ZATHE

---



It libben op it plattelân is in saak fan hurd wurkjen en sa geane de seizoenen en de jierren ûngemurken hurd foarby. Merken, doarpsfeesten, boelguodden en houliken binne de hichtepunten yn in jier. It houlik fan Oege Jentjes Breeuwsma mei Claeske Hogenbrug op 29 septimber 1748 is sa'n hichtepunt. In nije boer op de buorkerij en de berte fan Jentje, Oege en Fedde binne blide foarfallen.

Op 12 maaie 1800 trout harren soan Fedde Oeges Breeuwsma (45 jier) mei Tjaltie Miedema ( 21 jier ). Tjaltie krige al op 2 maaie harren soan Oege Feddes. It houlik kin dêrom net yn tsjerke wêze. Heit Oege Jentjes is tsjerkfâd en kriget it by dûmny foar elkoar dat de trouplechtichheid thús op'e buorkerij wêze kin.

Nei't Fedde Oeges de nije boer op Breeuwsma zathe wurdt, komme der noch 4 bern by. Op syn trije en sechtichtichste jier gie hy noch in kear mei syn buorlju Ruurd Freeks Abma en Jan Sybrens Walsweer nei it gemeentehûs om oanjêfte te dwaan fan de berte fan harren dochter Trijntje.

De tsjinstfaam fan Fedde Oeges, Gerritje Lieuwes Bootsma, wurdt swier fan soan Johannes. Fedde soarget der foar dat it pear gau trout en stjoert se nei famylje yn Skearnegoutum. Hjir wurdt op 7 oktober 1841 Fedde berne. Pake Fedde Oeges hallet se lykwols ek gau wer nei Folsgeare ta. Fedde Oeges ferstjert yn 1844 op 89-jierrige leeftyd en syn soan Klaas Feddes wurdt de nije boer op'e Breeuwsma zathe. Johannes wurdt arbeider by syn broer. Yn 1855 komt de slachterij fan

# Dorpscanon van Folsgeare

BREEUWSMA ZATHE


---

Willem Sjerps Twijnstra yn it doarp te keap. Johannes en Gerritje nimme it beslút dy saak te keapjen.

Yn Fryslân wurdt it feebeslach troffen troch de benearjende longkwaal. By guon boeren giet mear as de helte fan harren kij dea. De boeren yn Folgeare krije harren part fan'e ellinde. Ek by Klaas Feddes Breeuwsma iepenbierret him de sykte ûnder it fee. Hy wit lykwols de holle boppe wetter te hâlden.

Nei it ferstjerren fan Klaas Feddes yn 1870 wurdt hy opfolge troch syn soan Fedde Klazes dy't yn 1858 troud is mei Leentje Ties Tijisma.

Begjin 1882 brekt der brân út yn'e buorkerij. Gelokkich wie it fjoer gau ûnder kontrole, mar it is dochs in grutte skeapost. De buorkerij wurdt wer opboud. Yn desimber fan datselde jier wurdt de buorkerij troch de wjerljocht troffen en stiet op'e nij yn'e brân. Dizze kear is de skea tige grut en de buorkerij giet plat. Der komt in ôfbraak-boelguod. Kezinen, doarren, blinen, in grutte partij brânhout, de tsjermole, ensafuorthinne komme ûnder de hammer. De buorkerij wurdt net wer opboud en Fedde Klazes en Leentje Ties geane fuort út Folsgeare. It Breeuwsma tiidrek yn Folsgeare is foarby.



De Breeuwsma pleats, dêr't no it nijbouplan fan Folsgeare leit.

# Dorpscanon van Folsgeare

BREEUWSMA ZATHE

---



púnresten as stille tsûge dat hjir ea de buorkerij stien hat, foto Atse Bruin

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Atse Bruin, gemeente Wymbritseradiel*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*